

Dorpscanon van Folsgeare


Tsjaerddyk 38



© Foto útjouwerij van der Meulen bv Sneek

Tsjaerddyk 38

Jelle Uiltjes Hoekstra, boerefeint, en Ytje Annes van der Werf, tsjinstfaam, wenje en wurkje beide yn Folsgeare. Jelle en Ytje keapje nei harren houlik op 25 maaie 1824 it westlike stik fan de grientetún fan Jelle Uiltjes syn broer Hendrik Uiltjes.




Folsgeare
1820
kadaster

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 38

Hendrik syn frou Pietje Baukes hat dizze grientetún (en in komelkerij) krigen út'e erfenis fan Schelte Edgers, by wa't hja húshâldster wie.



Jelle en Ytje litte der in winkel mei wenhûs delsette.

Folsgeare 1824
kadaster

Folsgeare wreidet út fan fjouwer nei fiif wenningen en oan'e Tjaardfeart binne no in slachter, in winkelman en in timmerman.

De winkel fan Jelle fungearret ek as herberch. Yn de efterkeamer is in slokje te krijen en de notaris brûkt dizze romte bytiden om der in iepenbiere ferkeaping te hâlden. Yn de Tjaardfeart efter de winkel, leit de preamskûte dy't Jelle bouwe litte hat om guod út Snits te heljen. Dat guod sutelet hy dêrnei út by de boeren yn'e omkriten.

Jelle ferstjert ûnferwachts op 26 augustus 1826, in goed jier nei de berte fan harren dochter Pietertje Jelles. Ytje bliuwt efter mei Pietertje en de winkel.


Lykas gauris yn dy tiid nimt in famyljelid de ferantwurdlikens fan'e ferstoarne op him. Jelle syn jongere broer Roel Uiltjes trout op 5 augustus 1828 mei Ytje Annes. Tegearre geane se fierder mei it bedriuw fan Jelle en krije noch twa dochters.

Roel keapet yn 1832 noch in hoekje grûn fan'e grientetún en lit der in skiphûs delsette foar de preamskûte.

Yn 1841 keapet Roel Uiltjes tegearre mei Willem Sjerps Twijnstra de slachterij fan Kerst Arjens Hylkema. Twa tredde fan it stik lân giet nei Willem Sjerps, ien tredde komt yn eigendom fan Roel Uiltjes.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 38



Folsgeare 1832

Kadaster

Nei de oankeap ferkeapet Roel it part dêr't de âlde slachterij op stiet oan timmerman Johannes Paulus Spiering, dy't der in winkel mei wenhûs del set.

Roel Uiltjes hat jild fertsjinne oan'e ferkeap, mar as Kornelis Piersma dêr útein set mei in winkel, hat er der no wol in konkurrent by. Op 5 augustus 1846 ferstjert Roel syn frou Ytje, noch mar 46 jier âld.

Joukjen Bastiaans Visser komt no as help yn'e húshâlding yn hûs en op 20 maaie 1848 beslute Roel en Joukjen te trouwen. Roel Uiltjes is wol klear mei de winkel en set dizze yn 1850 te keap. As de saak ferkocht is, wurdt Roel Uiltjes skipper en wennet fuortoan yn Nijlân.

De winkel wurdt yn 1850 kocht troch Epeus Gerardus Couperus, dy't yn 1834 trouw is mei Sybrig de Boer. Yn 1858 ferstjert Sybrig, noch mar 50 jier âld. De húshâlding Couperus moat fierder sûnder de oare helte en mem. Dochter Aaltje is noch mar trettjin jier, mar nimt dochs al de húshâlding oer sadat har heit de winkel dwaan kin. Epeus is in man dy't wat sjoen hat fan'e wrâld en in soad fertelle kin. De minsken út it doarp komme gauris del om nei syn ûnderfiningen te hearren. De bern wurde grut en trouwe. Fan 1868 ôf wennet Epeus Gerardus allinne yn'e winkel. Epeus Gerardus sr en syn soan Epeus Gerardus jr binne beide foar de helte eigener fan it pân as it yn 1874 yn'e ferkeap komt. Mollerus Epeus, in jongere broer fan junior, keapman yn Nijesyl ûnder Easthim, keapet de âlderlike wenning. Hy ferhiert dizze yn 1875 oan Gerrit Oppenhuizen en Maaïke Lanting.

Maaïke en Gerrit binne bekend yn it doarp. Maaïke wurket sûnt 1874 as tsjinstfaam by Teade Ruurds Abma, dêr't Gerrit ek wurke hat as boerefeint. Se sette fol goede moed útein mei de winkel. It pear kriget twa dochters. Folsgeare is lykwols te lyts foar Gerrit en yn 1878 ferhuzet de húshâlding nei Drylts dêr't Gerrit winkelman wurdt.

De winkel komt wer yn'e ferhier foar fl 150, - yn it jier. Oeble Jans Woudstra en Antje Franckena komme oer fan Hichtum om harren yn Folsgeare te fêstigjen. Oeble en Antje krije trije bern.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 38

Yn 1885 komt de winkel yn'e ferkeap en dizze wurdt troch Oeble Woudstra oankocht mei finansjele stipe fan Teade Ruurds Abma. Oeble en Antje komme lykwols yn'e rin fan'e jierren yn finansjele swierrichheden en yn 1897 wurdt it fallisemint útsprutsen.

LC 1897: Winkelhuis te Folsgeare:

De Notaris M SCHOTMAN te Bolsward zal Dinsdag 23 Februari 1897, 's namiddags 3 uur bij Oosterhout te Nijland finaal verkopen: Een hecht en sterk WINKELHUIS te Folsgeare met STALLING voor 4 Koeien PAKHUIS, SCHIPHUIS en verder toebehooren in gebruik bij Oebele Wondstra te aanvaarden den 12 Mei 1897. Geboden fl 935, -



Teade Ruurds Abma hat al it nedige jild yn'e winkel stutsen en hy keapet dizze no. Oeble en Antje hie it pân wer en geane fierder tsjin in legere hierpriis.

Oeble Woudstra en Antje Franckena

foto db Folsgeare

Nei it ferstjerren fan Teade Ruurds Abma yn 1903 komme de winkel en it skiphûs opnij yn'e ferkeap. Jacob Jacobs Botinga, âld boer en oerbuorman, wurdt de nije eigner.



1910
de húshâlding Woudstra foar de winkel

op de kaart stiet Folsgeare

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 38

Yn 1921 ferhúzje Oeble en Antje nei Boalsert dêr't Antje yn 1931 op 82-jierrige leeftyd ferstjert. Oeble wennet allinne yn Boalsert oant syn hinnegean yn 1938. Hy is dan 89 jier âld.

De nije bewenners fan it pân binne Minne Minnema en syn frou Aaltje Sybrandy. Minne en Aaltje krije fjouwer bern. Minne docht neist de winkel ek yn ferkeap fan feefoer. Yn in lege wenning fan'e Tempel tsjin'e winkel oer hat hy syn opslach. Foar it ferfier fan syn hannel hat hy hynder en wein ta syn foldwaan. Op'e sydkant fan'e karre stiet: Minnema, Veevervoer, Folsgeare.



Minne en Aaltje wenje yn it pân oant 1941 wêrnei't se nei Snits ferfarre.

Minne Minnema mei syn soantsje Klaas foar de Tempel.

foto db Folsgeare

Nei Minne en Aaltje komme Pier Cnossen en Fogeltje Posthuma yn de wenning/winkel. Pier Cnossen is in Folsgeaster, berne op Strûpenkeal. Hy wennet nei it hinnegean fan syn heit mei syn mem en susters op Tsjaerddyk 44. Fogeltje Posthuma is in suster fan slachter Douwe Posthuma dy't op Tsjaerddyk 42 wennet.

Pier Cnossen is in doarpsman. Hy is winkelman, keapman, molkridder en koster. By him kinne Folsgeasters ek klompen keapje. Pier kriget letter de earste tillefoan fan it doarp. De doarpsbewenners kinne yn'e hal tusken de winkel en de keamer gebrûk meitsje fan'e tillefoan. It wie net sa botte privee en de famylje Cnossen wie dan ek fan alle nijs op'e hichte.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 38




foto db Folsgeare

De húshâlding Cossen:

f.l.n.r. Pier, Marie, Anna Antje, Lieuwe, Fogeltje, Anneke, Sijbrand



foto db Folsgeare

Efter de wenning is noch romte foar in pear kij. Slean foar it hûs oer, wêr't de Tempel stie, hat Pier opslach foar syn hea.

Links de smidderij en der tsjinoer de heabult fan Pier Cossen.

Fierderop de winkel fan Cossen.



Pier Cossen yn syn funksje as koster yn 'e tsjerke fan Folsgeare.

foto db Folsgeare

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 38

Yn 1971 keapet Remmelt Boonstra it hûs, mei as doel der in nij hûs foar yn it plak te setten. Yn maart 1972 geane Pier en Fogeltje nei Easthimmerwei 3, dêr't se wenje oant 1977. Se ferhúzje dêrnei nei rêsthûs Thabor yn Snits, dêr't Pier yn 1978 ferstjert.

Remmelt wennet los / fêst yn de wenning en makket plannen foar de takomst. Hy hat ûnderwilens kunde krigen oan Hiltse Koopmans út Easthim. Se trouwe yn desimber 1973.

Ein desimber 1973 wurdt der útein setten mei de sloop fan it hûs.



Op it terrein fan 'e eardere Tempel wurdt in karavan del setten. Dizze sil it ûnderkommen fan it pear wurde foar de tiid fan 'e sloop en de bou fan it nije hûs.

foto's ferbou Remmelt Boonstra



Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 38



de stiennen en pannen wurde njonken de karavan opslein.

Folsgeare yn'e maitiid fan 1974, mei it iepen plak dêr't de winkel stie.



Maaie 1974 wurdt de earste peal slein troch Remmelt syn frou Hiltse. De rest fan it wurk wurdt dien troch Gerrit Remmelt Boonstra, de broer fan Remmelt.



Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 38



Simmer 1974: It hûs begjint der al wat op te lykjen.

15 jannewaris 1975, ien jier nei it begjin fan 'e sloop, is it hûs klear en lûke Remmelt en Hiltsje yn 'e nije wenning.

De romte om hûs hinne is net botte grut en Remmelt sjocht ris om him hinne. Yn Nijlân stiet in buorkerij te keap wêr't genôch romte foar him is. Nei't Remmelt Hiltsje wit te oertsjûgjen, komt der in poster op it rût mei "Te Koop".



Tsjaerddyk winter 1979.

foto Remmelt Boonstra

It hûs wurdt flot ferkocht oan August Hanewacker en Alberdine Weerman en yn april 1979 ferhúzje Remmelt en Hiltsje nei Nijlân.

Yn 1983 wurdt it huis ferkocht oan Thomas Wiersma. Thomas en syn frou mei de bern wenje dêr oant 1988 wêrnei't se ferfarre nei Geldrop.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 38

Jan en Klaske Wiersma komme oer fan Wolsum en wenje oant de dei fan hjoed (2021) met harren beide soannen yn it hûs oan 'e Tsjaerddyk op nûmer 38.



foto Wytke Heida

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytke Heida

Foto's: Remmelt Boonstra, db Folsgeare, Wytke Heida, uitg, van der Meulen bv Sneek

Kaarten: Kadaster

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.